

It ferhaal fan de trijeling, de fuottenbank en de Petrustersjerke.

Us mem, Hinke Maria Bosma, waard berne op ien augustus 1921 yn Garyp.

Hja gyng as fiif-jierrich famke sneins mei har heit en mem nei tsjerke. Nei de Herfoarme Petrustersjerke. Hja sieten altyd efteryn, yn harren eigen bank. Dy bank wie famyljebesit. Fuort nei de Twadde Wrâldoarloch, op trettjin desimber 1945, troude Hinke mei Klaas Koopmans. Hy kaam ek út Garyp. Hy soe letter in ferneamde Fryske keunstskilder wurde. Klaas kaam út in grifformearde húshâlding, mar gong, mei Hinke, oer nei de Herfoarme tsjerke. Harren houlik waard seinige mei acht bern, fiif famkes en trije jonges. Ik bin de sechde yn'e rige, de jongste fan'e trijeling. Doe't ik fiif jier wie, gongen wy sneins ek mei nei de Petrustersjerke. Seis bern, letter acht, moasten yn 'e sneinske klean holpen wurde. As elkenien sa fier wie gyngen wy yn optocht nei tsjerke. Rinnende, op ús sneinske skuon. Meastal hearden wy ûnderweis al de klok lieden. "Avensearje, de klok liedt al", rôp ús mem dan. Oankaam by de tsjerke moasten wy meastentiids ûnder de toer wachtsje, want dûmny wie al binnen mei de tsjerkeried. Tidens it sjongen fan de yntochtpsalm die de koster de doar iepen en dêr kaam de famylje Koopmans binnen. Mem foarop en heit en de bern dêr efteroan. Troch de hiele tsjerke hinne nei "de Koopmansbank". Yn'e Koopmansbank stiene gjin stoven, mar dêr wie in lange fuottenbank. Us fuotsjes koene de bank noch net rikke, mar dat feroare geandewei de tiid. As trijeling hiene wy, doe't wy in jier as tsien wiene, in spesjale "fanclub" oprjochte: dy fan Jan Kobus, de oargelist. Net wittende dat Gerbrich, de âldste fan ús trijen, fjirtjin jier letter mei him trouwe soe! Jan koe it oargel sjonge litte mar ek bulderje, wy koene der och sa fan genietsje.

Yn 2007 waard it ynterieur fan de Petrustersjerke gâns feroare. De banken dy't, neffens guon minsken, tige min sieten, moasten ferdwine. Der kamen moaie nije stuollen foar yn't plak. Gelokkich bleau de "Koopmansbank" stean. Wol waarden alle stoven en fuottenbankjes út 'e tsjerke helle en ferparte ûnder de gemeenteleden. Ik krige twa stoven en de fuottenbank dy't altyd by "ús" bank heard hie. As trijeling fiele wy ús besibbe troch it leauwen en de bân mei it âlderlik hûs. Jan, Klaas en Hinke libje net mear, yn ús tinzen bliuwe hja lykwols altyd bestean, lykas harren fuottenbank, no yn it besit fan Nijkleaster yn Jorwert.

Akke Berends-Koopmans, Garyp